

Liturgie foar Snein 19 febrewaris 2023, Wensintrum Almenum te Harns m.m.v. Kwartettenkoor

Âft: Wolkom en meidielings âlderling fan tsjinst.

Âft: bemoediging wurdt songen troch 1x KK en dan 2x mei gemeente.

Bemoediging:

Wy ferwachtsje fan de Iene ús help,
De Skepper fan himel en fan Ierde.
Dat Er omsjocht nei it wurk fan Syn hân,
sadat wy wer libje mei hert en siel.
Wol ús Hear fan jo leafde jaan de minsken ta heil.

Âft: Gebed fan de snein.

Âft, we sjonge mei elkoar: Psalm 71, de fersen: 1, 2, 3 en 12.

1:
*By Jo sykje ik myn taflecht Heare
Myn Helper binne Jo,
Och jou my útkomst no
En lit my net ta skande keare.
Ferlosser, wol mij hearre!
Moat ik hjir iensum stjerre?*

2:
*Wês Jo de fêsting dy 't my berget,
dêr 't ik fan dei ta dei
beskerming fine mei,
myn stins as my de fijân ferget.
O hâldt my út de hannen
fan wrederts en tirannen.*

3:
*Jo ha fan jongs ôf oan my droegen,
ik haw op Jo betroude,
as bern al op Jo boud.
Haw tank dat Jo my sterkte joegen.
Elk sjocht dat Jo it wienen,
dy 't oan myn side stienen.*

12:
*Ik priizgje dei oan dei Gods gloarje,
want wát de Hear ek docht -
syn dwaan is inkeld rjocht.
Hy kin it leed yn lok feroarje.
It ûnrjocht wurdt beskamme.
Besjong syn grutte namme!*

Âft: Berne njonkentsjinst.

We sjonge dan: We gean foar efkes út elkoar. Tekst op de beamer.

Âft, Kwartettekooar sjongt no: ****Ien minske makket it ferskil.**

Âft: Foarbeaen:

Stilte.

Mei elkoar bidde wy sjongend de Bea dy 't Jezus ús leart hat: 1=koar, 2-5= mei gemeente.

**1: God fan fier en hein ús Heit, dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd, troch jo eigen bern beskamme.**

**2: Bûch de folken nei jo wet, lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert en wy sykhelje ferromme.**

**3: Jou ús hjoed ús deistich brea en ferjou wat wy misdiene,
sa 't ek wy ferjûn ha Hear, al dy 't skuldich foar ús stiene.**

**4: Lit oer ús gjin neare nacht, lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht, Hear ferlos ús fan it kweade.**

**5: God fan fier en hein ús Heit, wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid, oant yn alle tiden – Amen.**

Âft, Kollekte, yntusken it filmke fan Laudate omnes gentes.
Dernei: Liet 117d, Latijn, Engels, Duits, Nederlands, Frysk.

Laudate omnes gentes, laudate Dominum. Laudate omnes gentes, laudate Dominum.

**Sing praises, all you peoples, sing praises to the Lord!
Sing praises, all you peoples, sing praises, to the Lord.**

**Lobt den Herrn, aller Völker, lobsingt und preist den Herrn.
Lobt den Herrn, aller Völker, lobsingt und preist den Herrn.**

Verblijdt u alle volken, verblijdt u in de Heer. Verblijdt u alle volken en looft God altijd weer.

**Bring huld' oan God jim folken, loovj' allegear de Hear.
Bring huld' oan God jim folken, syn namme kear op kear.**

Âft: lêst as Geloofsbelidenis tekst Liet 968, 1, 2 en 5 út Lieteboek.

Âft: mei elkoar sjonge, Slotliet. Liet 270, ELB. (wize: Land of hope and Glory).

1:

**Gean yn frede hinne, gean en lit it sjen,
dat wy mienskip binne fan Gods minske bern.
Nim it mei yn jimme, deistige bestean
en jim sil' fernimme Hy sil mei jim gean.
Gean yn frede hinne, gean en lit it sjen.**

2:

**Gean yn frede hinne, gean en lit it sjen
dat wy mienskip binne fan Gods minskebern.
Gean yn frede fierder, nim it mei nei hûs.
Dan is no en hjirre Kristus by jim thús.
Gean yn frede hinne, gean en lit it sjen.**

Âft: It kwarttekoar sjongt ús daliks in Ierske Seine ta.

**Dat it paad op dy takomt en de wyn de goede kant útwait.
Dat de sinne blier dyn antlit beskynt, de rein dyn lannen myld bedript.
En oant wy elkoar wer moetsje, oant wy elkoar wer moetsje,
meist burgen wêze yn de palm fan Gods hân. (2x)**

Gemeente: Liet 415, 3.

**Amen, amen, amen!
Oan jo hillige namme,
Jezus Kristus, bringe we ear,
Seingje-ús mei jo leafde, Hear**